

PARSEBERJOCHT

1 april 2016

Iepen Nederlânske Fanfare Kampioenskippen live

Streekrjocht te folgjen by Omrop Fryslân op 8 en 9 april

Fanfareorkesten út hiel Nederlân stride op 8 en 9 april wer om it kampioenskip fan Nederlân op de Open Nederlandse Fanfare Kampioenschappen (ONFK) yn Drachten. De optredens binne live te folgjen by Omrop Fryslân op ynternet en fia de Omrop-app.

De ONFK wurdt dit jier foar de sechsde kear hâlden en wurdt organisearre troch de Stichting Frysk Fanfare Festival. Mar leafst 38 orkesten mei yn totaal mear as 1.700 muzikanten dogge ferdield oer fiif divyzjes mei oan de kampioenskippen. De 5e en 4e divyzje steane op freed 8 april op it programma en de striid yn de 3e, 2e, en 1e divyzje is te folgjen op sneon 9 april. Omrop Fryslân stjoert de kampioenskippen streekrjocht út op ynternet fia www.omropfryslan.nl of www.omroplive.nl en fia de Omrop-app. De útstjoering op freed 8 april is fan 15.30 oant 23.15 oere en op sneon 9 april is de ONFK te folgjen fan 10.00 oant 24.00 oere.

Mear ynformaasje oer de dielnimmers en de wurken dy't spile wurde, is te finen op www.onfk.nl of de facebookside fan de ONFK. Omrop Fryslân makket ek opnamen dy't letter te hearren binne op it Koperkanaal, www.koperkanaal.nl, de online radiostjoerder fan Omrop Fryslân foar leafhawwers fan muzyk fan harmony, fanfare en brassband.

Noat foar de redaksje:

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommúnikaasje fan Omrop Fryslân. Tel. 058 299 7876 / 06 14 23 98 34.

PERSBERICHT

1 april 2016

Open Nederlandse Fanfare Kampioenschappen live

Rechtstreeks te volgen bij Omrop Fryslân op 8 en 9 april

Fanfareorkesten uit heel Nederland strijden op 8 en 9 april weer om het kampioenschap van Nederland op de Open Nederlandse Fanfare Kampioenschappen (ONFK) in Drachten. De optredens zijn live te volgen bij Omrop Fryslân op internet en via de Omrop-app.

De ONFK wordt dit jaar voor de zesde keer gehouden en wordt georganiseerd door de Stichting Frysk Fanfare Festival. Maar liefst 38 orkesten met in totaal meer dan 1.700 muzikanten doen verdeeld over vijf divisies mee aan de kampioenschappen. De 5e en 4e divisie staan op vrijdag 8 april op het programma en de strijd in de 3e, 2e, en 1e divisie is te volgen op zaterdag 9 april. Omrop Fryslân zendt de kampioenschappen rechtstreeks uit op internet via www.omropfryslan.nl of www.omroplive.nl en via de Omrop-app. De uitzending op vrijdag 8 april is van 15.30 tot 23.15 uur en op zaterdag 9 april is de ONFK te volgen van 10.00 tot 24.00 uur.

Meer informatie over de deelnemers en de werken die worden gespeeld, is te vinden op www.onfk.nl of de facebooksite van de ONFK. Omrop Fryslân maakt ook opnamen die later te horen zijn op het Koperkanaal, www.koperkanaal.nl, de online radiozender van Omrop Fryslân voor liefhebbers van muziek van harmonie, fanfare en brassband.

Noot voor de redactie:

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân. Tel: 058 299 7876 / 06 14 23 98 34.